No ek in eigen kanon fan de Fryske skiednis

Foarsitter Boersma: "De nije kanon moat in plak krije yn it ûnderwiis"

Begjin dit jier hat de provinsje Fryslân besletten ta it oprjochtsjen fan in kommisje foar it ûntwikkeljen fan in kanon Fryske skiednis. Soks as reaksje op de rop yn Fryslân om in eigen kanon njonken de krekt fêststelde kanon fan de Nederlânske skiednis. Doel is dat de Fryske kanon yn it ûnderwiis ynfierd wurdt. Foarsitter Rinze Boersma tinkt dat soks in hiel ein hinne mooglik is.

Gjalt Jelsma

Ein oktober sil de provinsjale "Kommisje foar Fryske Kanon ûnderwiis" ynstallearre wurde. Dy kommisje is der kommen op grûn fan in advys fan de provinsjale "Koördinaasje- en Advys Groep fuortset ûnderwiis" (ôfk. KAG fû): in groep dy't bestiet út fertsjintwurdigers fan Fryske ûnderwiisynstellings, dy't advisearje oer aktiviteiten en projekten om it Frysk as fak en as fiertaal yn it fuortset ûnderwiis fuotten ûnder it gat te jaan. It fêststellen fan in kanon fan de Nederlânske skiednis (troch de kommisje-Van Oostrom úteinlik yn july dit jier, nei it hifkjen fan de reaksjes op de foarriedich fêststelde kanon fan simmer 2006) smiet in soad diskusje op, sawol út de "regio" wei as út de religieuze hoeke wei, om't neffens harren betinken har perspektyf yn de Nederlânske kanon tefolle oan de krapperein kommen wie. De Fryske kanonkommisje is de iennichste "alternative kanonkommisje" dy't dêr op offisjeel nivo út nei foaren kommen is. De Fryske kanon wurdt breder as de Nederlânske: de Fryske giet út fan in brede opfetting fan de Fryske skiednis, dêr't de kultuer en de taal ek in ûnderdiel fan útmeitsje. Rinze Boersma (earder bestjoersfoarsitter fan Cedin, foarhinne GCO *fryslân*) is foarsitter fan de Fryske kanonkommisje en oan him leine wy inkelde fragen foar.

Wat is in kanon?

It wurd 'kanon' (mei de klam op it earste wurdlid: kánon) hat ûnderskate betsjuttings. It wurdboek fan Van Dale neamt as earste betsjutting 'regel, rjochtline, mjitstêf' en dat wurdt ek bedoeld mei de Fryske kanon: it gehiel fan wichtige persoanen, teksten, keunstwurken, foarwerpen, ferskynsels en prosessen dy't mei-inoar sjen litte hoe't Fryslân him ûntjûn hat ta wat it no is.

De Fryske kanonkommisje sil meikoarten ynstallearre wurde. Wa sitte yn de kommisje?

De kommisje bestiet út minsken út it ûnderwiis, skiednissaakkundigen en fertsjintwurdigers fan musea. Us doel is om in kanon gear te stallen dy't yn 't foarste plak foar it ûnderwiis bedoeld is en foar praktysk publyk gebrûk. Wy binne drok dwaande mei it tarieden. Sa stelle wy earst in groslist op fan markante punten út de Fryske skiednis en ferdjippet de kommisje him yn de eftergrûnsfilosofy. Tagelyk wurdt neitocht oer in ynfieringstrajekt.

Wêr wol de kommisje op ta?

Wy wolle alderearst ta op in legitimearring fan de kanon: wy wolle inselde status as de Nederlânske kanon. De minister hat sein dat dy ferplichte wurdt foar it ûnderwiis, sadat er dêr brûkt wurde kin. Hy kin eventueel ek troch oaren brûkt wurde. Wy stelle úteinlik in rapport mei oanbefellings op. Foardat it safier is, meitsje wy in rûge ferzje, dy't wy foar besjen en kommentaar foarlizze oan de ynspeksje fan primêr en fuortset ûnderwiis, saakkundigen fan de Fryske Akademy (û.o. it nije Mercator Kennissintrum) en ûnderskate maatskiplike groepearrings, publyksgoepen en oare referinsjegroepen.

Wurdt jim kanon in selsstannige kanon of allinne in regionaal finster as oanfolling op de Nederlânske kanon?

Us kanon wurdt in selsstannige, op himsels steande kanon fan de algemiene skiednis fan Fryslân. Dy begjint dus mei de âldste tiden, dêrnei de Romeinske tiid, de midsieuske tiid (de tiid fan "Grut Fryslân"), de tiid dat Fryslân in part wie fan de Republyk fan de Feriene Nederlannen en de tiid fan nei 1813, doe't Fryslân opnommen waard yn de Nederlânske ienheidssteat.

Gearstalling Kommisje foar Fryske Kanon ûnderwiis

- Drs. Rinze S. Boersma, âld-bestjoersfoarsitter Cedin
- Prof. dr. Goffe Jensma, ûndersiker literatuerskiednis oan 'e Fryske Akademy en bysûnder heechlearaar Fryske taal- en letterkunde oan de fakulteit fan Geasteswittenskippen oan 'e Universiteit fan Amsterdam (UvA)
- Prof. dr. Yme Kuiper, bysûnder heechlearaar yn de Religieuze en Histoaryske Antropology oan de fakulteit fan Godgeleardheid en Godstsjinstwittenskip oan 'e RuG
- Dr. Oebele Vries, universitêr dosint Fryske skiednis oan 'e RuG en publisist
- Drs. Bert Looper, direkteur Tresoar
- Drs. Kerst Huisman, skiedkundige en skriuwer
- Drs. Alpita de Jong, taal- en literatuerwittenskipper oan de UvA
- Gieneke Arnolli, keunsthistoarika fan it Frysk Museum
- Douwe Kootstra, ûnderwiisadviseur by it Taalsintrum Frysk fan Cedin
- Jan Schotanus, út ûnderwiispraktyk en skriuwer
- Yvonne Messchendorp, learaar fuortset ûnderwiis

Hoe wolle jim de kanon yngong fine litte en yn it ûnderwiis ynfiere?
Wy binne al yn petear mei de NHL oer it meitsjen fan foarbyldlessen en praktysk materiaal dat yn it primêr en fuortset ûnderwiis brûkt wurde kin. Wy wolle ek wat foar de musea dwaan. Sy kinne de kanon û.o. brûke foar de yndieling fan harren kolleksje. Wy binne fierder yn petear mei de Piter Jelles Skoallemienskip en mei de VLLT (organisaasje fan leararen skiednis yn it fuortset ûnderwiis) om harren der yn in betiid stadium yn te beheljen.

Is der wol romte foar in Fryske kanon yn it reguliere ûnderwiis? Yn it fuortset ûnderwiis bygelyks wurde de tema's foar de eksamens lanlik fêststeld, dêr't in regionale ynfolling net by oan de oarder komt.
Wy soargje derfoar dat de kanon oanslút by de kearndoelen. Dy jouwe foldwaande romte foar in goede ynfiering yn de ûnderwiispraktyk. It is fan it grutste belang dat de ryksoerheid ús kanon ek akseptearret en legitimearret.

De provinsje Fryslân hat okkerlêsten it foech krigen oer it belied oangeande ûntheffing foar it Frysk yn it fuortset ûnderwiis en de subsydzjeregelings. De provinsje stelt, sa nimme wy oan, de Fryske kanon ek fêst. Kin de provinsje de kanon ferplichtsje foar it ûnderwiis yn Fryslân?
It is sa dat de kommisje de kanon fêststelt. Hy komt dan op de saneamde Advyslist te stean fan de provinsje, d.w.s. der moat dan in advys komme oer hoe't de kanon yngong fine moatte soe en stal krije moat yn it ûnderwiis yn Fryslân. It iennichste foech dat de provinsje hat is dy oangeande de stavering fan it Frysk. De kanon sels kinne se net fêststelle. Se kinne wol beoarderje dat de kanon in plak kriget yn it ûnderwiis yn Fryslân yn it ramt fan de wetlik fêststelde kearndoelen foar sawol primêr as fuortset ûnderwiis, ûnder de neamer Fryske taal en kultuer. Foar de Nederlânske kanon jildt winliken itselde: dy komt ek op de Advyslist te stean en minister Plasterk besiket om it safier te krijen dat it ûnderwiis yn Nederlân net foar de kanon wei kin.

Wurde jim al konfrontearre mei lobbygroepen dy't graach learmiddels foar it ûnderwiis yn de Fryske skiednis neffens de takomstige kanon ûntwikkelje wolle en dêrby op jild rekkenje?
Nee. Allinne ynformeel krije wy wolris in seintsje, sa fan: "Tinke jim derom dat dy-en-dy der eins ek yn moat?"

Komt de kommisje yn syn rapport mei oanbefellings foar musea en ûnderwiisopliedings yn Fryslân?
Ja. Wy komme mei oanbefellings foar de ûnderwiispraktyk oer hoe't de kanon ynfierd wurde kinne soe, útgeande fan in hifking fan de hjoeddeiske praktyk fan it skiednisûnderwiis yn Fryslân. Dêrby is it dúdlik dat mei help fan de kearndoelen in soad mooglik is. De provinsje soe dan ek it foech krije moatte oer it ûnderwiis yn de Fryske kultuer en de oplieding dêrfoar. Sa kin de provinsje de Fryske kanon deselde status jaan as de Nederlânske. Bart dat net, dan kriget de Fryske kanon de status fan in advys oan it ûnderwiis. Yn de simmer fan 2008 hoopje wy it rapport út te bringen.

Sil jim kanon in oanrieder foar it Frysk Museum wêze om no ris in permaninte oersichtsútstalling fan de hiele Fryske skiednis gear te stallen?
Jawis, dit is in bûtenkâns om in permaninte útstalling te meitsjen. Dat liket my tige nijsgjirrich foar de Friezen en toeristen dy't de Fryske kultuer opsnuve wolle.